

Sake en syn hounen

In ferhaal oer in karrider dy't mei syn hûnen prate, út: Sipke Feenstra, *Koudum yn myn bernejierren* (Boalsert 1969), útwurke troch Jelle R. de Jong. Fan him bin ek de annotaasjes tusken rjochte heakken.

Hawwe jimme Sake wol kennen? No, ik lokkich al. Hij wie noch al mânsk fan postuer. Yn syn gesicht wat skeind. Hij en syn broer Durk allebeide. Dat kaam fan 'e pokken. Harren heit [Age Sakes Schaaff en Jetske Dirks de Jong] woe, sa't men sei, net hawwe dat de bern der tsjin yninte waarden. Durk wenne yn in keammerke efter Auke Sibes. Dat is it plak wêr't no myn âldste suster de widdo fan Ane Boonstra, har hûs stiet [Hoofdstraat 52]. Letter hat Pom Skaap dêr ek noch wenne. Ja, dat wie ek eigenaardich. Dy man hjitte Romke Skaap en syn frou Tryntsje Ram. Wa't har net kennen hat, wol it miskien net iens leauwe, mar it is wier. De âld-Koudumers witte it noch wol. Doe't hja trouwe soenen, wie der yn it doarp noch al frijwat praat oer.

Mar ja, ik soe it ommers hawwe oer Sake en syn hounen en der bin ik samar oer Pom Skaap dwaande. Mar no oer Sake dan. Hij wie karrider op Warkum. Elke dei wer oan. Hij hie trije hounen. Juno, Bello en Pollo. Mei twa derfan die hij elke dei syn reis en dan wie de tredde frij. It kaam mei twa hounen ek better út om't dy bisten dan net op it hynstespoar hoegden te rinnen. De diken wiene doe nammentlik oars as no. Yn 'e midden waard troch de man dy't dy dyk ûnderhâlde moast it grint byinoar fage. Dat wie it hynstespoar. Auto's en fytsen wiene der noch net.

It gyng bij dat karriden bepaald net om grutte fertsjinsten. Ik wit noch dat in frou it bar djoer fûn dat Sake in stoer fracht frege foar in pakje wêr't hij ek noch in kwartsje foar foarsjitten hie. Mar ja, de sinten wienen doe krap. It wie yn 'e tiid dat Rintsje Visser, de boargemaster fan Warkum, yn Koudum de pleats koft hie yn 'e Poel [Poel 3], wêr't Siek Dykstra doe op kaam te wenjen. Doe wie dêr in stik lân, dat wie gâns hultich en bultich en dat woe mynhear Visser sa net hâlde. Hij wie in man dy't it spul yn oarder hawwe woe. Elke arbeider dy't woe koe doe oanslach krije en dat wie wat wurdich foar in plak as Koudum, wêr't doedestiids nei de ûngetiid sa goed as neat wie te fertsjinjen. Mar it lean wie fjirtjin stoeren deis. Mynhear soarge dan foar de planken en foar de pipegalen, mar de arbeiders moasten sels riede foar skeppen, griepen, plachladden, linen, snijseinen en sawat en dan koene hja as it in folle wike wie fjouwer gûne en twa dûbeltsjes fertsjinje. Reinde it in hiele of in heale dei dan wie it safolle minder, want as der net arbeide waard, waard der ek net útbetelle.

Heye Skaper, dy't as baas fan it wurk oansteld wie, hie deis in dûbeltsje mear. Ik wit noch dat de winter ynfoel en dat waard doe in ramp foar Koudum neamd, want doe koene de lânsljuchters neat mear begjinne. En wier, it wie in ramp. Ynrjochtingen as sosjale soarch en steunferliening wienen der doe net en der wiene in soad grutte húshâldingen. Mar ja, no soe ik oer Sake fertelle en der stean ik fergemy foar fjirtjin stoeren deis yn 'e Poel te lânsljochtsjen. Mar sa giet it as men oer Koudum op 'e tekst rekket. Wat ik sizze woe, allinnich mar dit: Yn wat tiden as Sake mei karriden syn brea fertsjinje en syn goede sin bewarje moast.

Mar Sake wie in wiis man. Dat kaam altyd weroan ta útering, mar it measte as hij mei syn hounen yn petear wie. Hij hie just net in soad leard, mar kennis is altyd gjin wiisheid. Syn frou hjitte Ruurdsje [Ruurdje Scheltes de Boer]. Hja wie net grut fan stik en rûn tige ûngelokkich. Oer beide siden gâns in bytsje mank. Hja koe de ljochtside fan it libben net altyd sa maklik fine as Sake, mar as har sin wat al te swart waard, naam dy har op 'e earm en liet har ien foar ien de skilderijen oan it lewant sjen en hâlde der dan syn redenaasje bij en ornaris duorre it dan net lang of Ruurdsje lake wer.

Foaral mei de hûnen koe hij o sa ferstannich prate. Dy wisten en begriepen mear, sei Sake, as in bulte minsken en derby wiene hja better te betrouwen. In pear fan dy ferhalen wit ik noch en dy wol ik dan

ek op papier sette. Pollo, Pollo, wat dochste no? Annebet Kroese har tûntsje hielendal ûnderstboppest klauwe? Krekt juster hat Gerard [dat wie Gerard fan dominy, dy wie net al te goed by] it sa kreas yn oarder makke en oprêden en no sa Skamje dy, Pollo, as de hûnen no oeral helje wat de minsken yn oarder brocht hawwe, wêr moat it dan hinne? Of tochtste miskien it kin hjir wol lije, want hjir binne gjin manlju yn hûs? Fier mis, jonkje, fier mis sis ik dy. Hjir is in man yn hûs dy't mear ferstân hat as do en dyn baas tegearre, feint, en derby kin hij soms ek mar frijwat hoannich wêze, pas dus mar op. Dit leste sloech dan fest op A. De Haan, de ûnderwizer, dy't dêr yn 'e kost wie.

In oare kear wie it mei Bello te rêden. Efter Sake syn hûs wie de grudden [in tige âld Koudumer wurd foar greide] fan Japik Sjouwes [van der Veer]. No sil dat wol tûn wêze, mar doe rûn Japik Sjouwes syn skiep der. It barde in kear doe't Bello efter dat bist oansiet en Sake seach dit. Bello, Bello, jonkje, wat dochste no? Efter in skiep oandrave en dan ek noch wol in skiep fan Japik Sjouwes. Beloof mij, datsto dit nea wer dwaan silste. Tink der om, jonkje, Japik is in hiel eptich man en sit yn in hiel bulte dingen. Wer soenen do en dyn baas bedarje, feint, as sa'n man ús de foet dwers sette? Nea wer dwaan, Bello, tink der om hear.

In oare dei mocht Bello de reis meidwaan. De foarige deis hie hij frij west. As dy hounen mei mochten wie dat in feest. Dan tsieren hja bar en wiene hast net te hâlden. Sa ek Bello dy moarn. Sake sei: Stil no Bello, wês no mar bedaard, dan sil de baas dij ek wat fertelle. Juster, jonkje, doe wienen wij al op 'e Syl, kin 'k dy sizze, en hiene wij doe it sjipfetsje fan Teunis Tet [van der Zee-de Groot] net thús ferjitten? Finaal ferjitten, jonkje, dat wij moasten dat hiele ein werom en rekken in healoare te let fuort. Wat seist dêr? Hiest do in fetsje yn Warkum liend? Bello, feint, dat wie ommers Tet harres net west. Nee, ik hear al, as jimme hûnen it regear hiene, kaam it lang net goed.

Sa prate Sake mei syn hûnen. Net in man fan grutte dingen, mar der foel hiel wat fan him te learen. Der wiene minsken dy't him wat in gek fûnen, mar ik bin bliid, dat ik sa no en dan ris mei him yn petear west haw. Sjesa, dat wie Sake en in oare kear ris oer wat oars. Myn tank oan al dy minsken dy't sein of skreaun hawwe dat hja dy ienfâldige ferhaaltsjes oer Koudum moai fine. Op in inkeld ding kom ik efkes werom. Oer dat bikkelfen is noch al wat ôfpraten en mear as ien sankje of ferske dat der dan by brûkt waard is mij oanbrocht. Tank der foar. Ja, it wiene meast skieppebikkels. De hear I. Schaafsma, hij wennet no op 'e Bargebek yn Wikel, sa goed ik wit, hat yn in glêzen kastke by in hiele bulte oare snypsnaren ek noch fjouwer fan dy bikkels stean. Dêr hat syn mem hiel froeger mei bikkele. O sa moai is it, tinkt my, soks te bewarjen.